

FAN  
31 MAART 2025

OANT EN MEI  
13 JUNY 2025



# SUBSYDZJEREGELING FRYSK FOAR NO EN LETTER



SUBSIDIEREGELING | FRYSK FOAR NO EN LETTER  
Fan 31 maart 2025 oant en mei 13 juny 2025

# Subsydzjeregeling | Frysk foar no en letter

## Subsidieregeling | Frysk foar no en letter

Alle skoallen yn Fryslân kinne fan 31 maart ôf in subsydzje oanfreegje foar it fuortsterkjen fan de posysje fan de Fryske taal en kultuer. Skoallen út alle ûnderwiissektoaren kinne subsydzje oanfreegje: lokaasjes foar berne-opfang, primêr ûnderwiis, fuortset ûnderwiis, mbû, hbû, wû en spesjaal ûnderwiis.

De subsydzjeregeling is iepen fan 31 maart oant en mei 13 juny 2025. In skoalle kin de kategory ien kear in oanfraach dwaan yn dizze perioade. It maksimale subsydzjebedrach de oanfraach ferskilt de kategory en is op de neikommende wize ferdield:

### de kategory:

Skoalling en oplieding	maksimaal	€ 5.000,-
Materiaal	maksimaal	€ 2.000,-
Kultueredukaasje	maksimaal	€ 2.500,-
Frijroasterje		
- Foarskoalsk	maksimaal	€ 2.000,-
- Primêr, fuortset	maksimaal	€ 4.000,-
- Mbû, hbû, wittenskiplik	maksimaal	€ 5.000,-

Alle scholen in Fryslân kunnen vanaf 31 maart een subsidie aanvragen voor het versterken van de positie van de Friese taal en cultuur. Scholen uit alle onderwijssectoren kunnen subsidie aanvragen: kinderopvanglocaties, primair onderwijs, voortgezet onderwijs, mbo, hbo, wo en speciaal onderwijs.

De subsidieregeling is open van 31 maart tot en met 13 juni 2025. Een school kan per categorie één keer een aanvraag doen in deze periode. Het maximale subsidiebedrag per aanvraag verschilt per categorie en is als volgt verdeeld:

### per categorie:

Scholing en opleiding	maximaal	€ 5.000,-
Materiaal	maximaal	€ 2.000,-
Cultuureducatie	maximaal	€ 2.500,-
Vrijroosteren		
- Voorschoolse opvang	maximaal	€ 2.000,-
- Primair, voortgezet	maximaal	€ 4.000,-
- Mbo, hbo, wetenschappelijk	maximaal	€ 5.000,-

## Wêr kin ik subsydzje foar oanfreesje? Waarvoor kan ik subsidie aanvragen?



1. Skoalling of neiskoalling / Scholing of nascholing



2. Les- en lêsmateriaal / Les- en leesmateriaal



3. Kultueredukaasje / Cultuureducatie



4. Frijroasterje fan meiwurkers, learkrêften of dosinten /

Vrijroosteren van medewerkers, leerkrachten of docenten





# 1. Skoalling of neiskoalling

## 1. Scholing of nascholing



Mei it folgjen fan in kursus of it dwaan fan in oplieding kinne leararen, ûnderwiisstipers en pedagogysk meiwurkers harren eigen kennis oer it Frysk en/of meartalige didaktyk útwreidzje en sa ek de posysje fan de Fryske taal en kultuer fuortsterkje op de eigen skoalle/lokaasje. Der kin ûnder oare subsidzje oanfrege wurde foar it folgjen fan in kursus Frysk, it beheljen fan it Foech Frysk foar it basisûnderwiis of it dwaan fan in oplieding ta dosint Frysk yn it fuortset ûnderwiis of middelber beropsûnderwiis. De skoalle/lokaasje kin der foar meardere wurknimmers oanfrege wurde. De kosten foar in oplieding en/of neiskoalling wurde folslein subsidiearre.

Door het volgen van een cursus of opleiding kunnen leraren, onderwijsassistenten en pedagogisch medewerkers de eigen kennis over het Fries en/of meertalige didactiek vergroten. Daarmee versterken zij ook de positie van de Friese taal en cultuur op de eigen school/locatie. Er kan onder andere subsidie aangevraagd worden voor het volgen van een cursus Fries, het behalen van het Foech Frysk voor het basisonderwijs of het volgen van de opleiding tot docent Fries in het voorgezet onderwijs of middelbaar beroepsonderwijs. Per school kan voor meerdere werknemers subsidie aangevraagd worden. De kosten voor een opleiding of nascholing worden volledig gesubsidieerd.

### FOARBYLD 1

Op in basisskoalle binne hja fan doel alle ûnderwiisstipers de basiskursus Frysk by de Afûk folge te litten. De ûnderwiisstiper fersoarget help- en kôntrolebeurten, ek by de Fryske staveringslessen. It is dêrom needsaaklik dat de ûnderwiisstiper it Frysk op skrift goed yn 'e macht hat. Fansels komt de kursus Frysk ek goed fan pas by it kontakt mei de learlingen op skoalle.

Een basisschool is van plan alle onderwijsassistenten de basiscursus Fries bij de Afûk te laten volgen. De onderwijsassistent verzorgt help- en controlebeurten, ook bij de Friese spellingslessen. Het is daarom noodzakelijk dat de onderwijsassistent het Fries op schrift goed beheerst. Uiteraard komt de cursus Fries ook goed van pas bij het contact met de leerlingen op school.

### FOARBYLD 2

Op in skoalle foar it fuortset ûnderwiis wol in dosint Wiskunde graach de dieltiidopleiding Frysk folge oan NHL Stenden Hogeschool. Sa kin de dosint Wiskunde anst ek it fak Fryske taal en kultuer jaan. De skoalle krijt in bydrage út de regeling *Frysk foar no en letter* foar de opliedingskosten mar ek foar it ferfangen fan de dosint (sjoch ek by 4).

Op een school voor het voortgezet onderwijs wil een docent Wiskunde graag de deeltijdopleiding Fries volgen aan NHL Stenden Hogeschool. Zo kan de docent Wiskunde in de toekomst ook het vak Friese taal en cultuur geven. De school ontvangt een bijdrage uit de regeling *Frysk foar no en letter* voor de opleidingskosten, maar ook voor het vervangen van de docent (zie ook punt 4).





foto: Heutink



## 2. Les- en lêsmateriaal

### 2. Les- en leesmateriaal

Goed les- en lêsmateriaal is wichtich foar it oanbieden fan goed Frysk ûnderwiis. Neist lesmateriaal en lêsbuochen kin ek tocht wurde oan faktydskriften en oar materiaal wêrmei't it ûnderwiispersoneel syn kennis oer de Fryske taal en kultuer ferbetterje kin. Ek materiaal foar it oanbieden fan meartalich ûnderwiis (ynkl. de Fryske taal en kultuer) komt yn oanmerking foar subysdzje. De kosten foar les- en lêsmateriaal foar de Fryske taal wurde foar 100% subysdiearre.

Goed les- en leesmateriaal is belangryk foar het aanbieden van goed Fries onderwijs. Naast lesmateriaal en leesboeken kun je ook denken aan vaktijdschriften en ander materiaal waarmee het onderwijspersoneel zijn kennis over de Friese taal en cultuur kan verbeteren. Ook materiaal voor het aanbieden van meertalig onderwijs (incl. de Friese taal en cultuur) komt in aanmerking voor subsidie. De kosten voor les- en leesmateriaal voor de Friese taal worden voor 100% gesubsidieerd.

#### FOARBYLD 1

In basisskoalle wol graach it Frysk ûnderwiis in stimulâns jaan. Yn alle groepen wurdt alle dagen in healoare foarlêzen. Mei nije Frysktalige foarlêsbuochen wol de skoalle de hark-, sprek- en lêsfeardigens fan de bern ferbetterje. Ek drage de buochen by oan it fergrutsjen fan de Fryske wurdskat. Foar de beukers en bern fan groep 3 freget de skoalle subysdzje oan foar in klankstimpelkiste. Dêrmei leare de bern boartsjendewei de Fryske lûden.

Een basisschool wil graag het Fries onderwijs een stimulans geven. In alle groepen wordt dagelijks een half uur voorgelezen. Met nieuwe Friestalige voorleesboeken wil de school de luister-, spreek- en leesvaardigheid van de leerlingen verbeteren. Ook dragen de boeken bij aan het vergroten van de Friese woordenschat. Voor de kleuters en leerlingen van groep 3 vraagt de school subsidie aan voor een klankstempelkist. Hiermee leren de leerlingen spelenderwijs de Friese klanken.

#### FOARBYLD 2

In basisskoalle dy't de ôfrûne fjouwer jier benammen ynset hat op attitude en wurdskat, hat foar de kommende fjouwer jier ambysjes as it giet om Frysk ferstean, lêze en prate. Dêrom hat de skoalle in oanfraach dien foar it oanscaffen fan Frysktalige printebuochen en foarlêsbuochen. Foar de boppebou docht de skoalle in oanfraach foar it projekt Praat mar Toaniel.

Een basisschool die de afgelopen vier jaar voornamelijk heeft ingezet op attitude en woordenschat, heeft voor de komende vier jaar ambities als het gaat om Fries verstaan, lezen en praten. Daarom heeft de school een aanvraag gedaan voor het aanschaffen van Friestalige prentenboeken en voorleesboeken. Voor de bovenbouw doet de school een aanvraag voor het project Praat mar Toaniel.





### 3. Kultueredukaasje 3. *Cultuureducatie*



Der binne ferskate mooglikheden om learlingen yn de kunde komme te litten mei de Fryske taal en kultuer. De berne-opfang, skoalle of ûnderwiisinstelling kin in oanfraach dwaan foar in kulturele aktiviteit yn groepsferbân yn of bûten de skoalle. Under kultueredukaasje falt ûnder oare in besite oan it teäter of museum. Mar tink ek oan bygelyks film, muzyk of literatuer. Aktiviteiten op it mêd fan erfgoed, histoarje of natuer binne ek mooglik as der mar in dúdlike ferbining is mei it oanbod fan de Fryske taal en kultuer op de skoalle. De kosten foar kultueredukaasje wurde foar 100% subsidiearre.

Er zijn verschillende mogelijkheden om leerlingen kennis te laten maken met de Friese taal en cultuur. De kinderopvang, school of onderwijsinstelling kan een aanvraag doen voor een culturele activiteit in groepsverband in of buiten de school. Onder cultuureducatie valt onder andere een bezoek aan het theater of museum. Maar denk ook aan bijvoorbeeld film, muziek of literatuur. Activiteiten op het vlak van erfgoed, historie of natuur zijn ook mogelijk als er maar een duidelijke verbinding is met het aanbod van de Friese taal en cultuur op de school. De kosten voor cultuureducatie worden voor 100% gesubsidieerd.

#### FOARBYLD 1

In basisskoalle freget neist in subsydzje foar Frysk lesmateriaal (sjoch ek by 2) ek in subsydzje oan foar in tal kulturele aktiviteiten. De bern fan groep 1 en 2 sille nei in bernefoarstelling fan Tryater. Groep 3 en 4 sille nei it Museum Joure en groep 5 nei it Eise Eisinga museum yn Frjentsjer. Groep 6 sil op besite by it Jopie Huisman museum yn Warkum. De bern fan groep 7 en 8 meie nei inbernefoarstelling fan Pier21.

Een basisschool vraagt naast een subsidie voor Fries lesmateriaal (zie ook punt 2) ook een subsidie aan voor een aantal culturele activiteiten. De leerlingen van groep 1 en 2 gaan naar een kindervoorstelling van Tryater. Groep 3 en 4 gaan naar het Museum Joure en groep 5 naar het Eise Eisinga museum in Franeker. Groep 6 gaat op bezoek bij het Jopie Huisman museum in Workum. De leerlingen van groep 7 en 8 mogen naar een kindervoorstelling van Pier21.



## 4. Frijroasterje fan meiwurkers, learkrêften of dosinten <sup>1</sup>

### 4. Vrijroosteren van medewerkers, leerkrachten of docenten <sup>2</sup>

Ekstra omtinken foar it (fak) Frysk freget ek ekstra ynset fan meiwurkers, learkrêften en dosinten. Dêrom jout de regeling ek romte foar it ferfangen en/of frijroasterjen fan persoanen. Der kin subsidzje oanfrege wurde foar it ferfangen fan in learaar dy't in oplieding folget mar ek foar in meiwurker (of learkrêft/dosint) dy't wurket oan ekstra aktiviteiten foar de Fryske taal en kultuer. Bygelyks foar it meitsjen fan in taalbeliedsplan, it bywenjen fan kongressen, it ûntwikkeljen fan les materiaal, it organisearjen fan aktiviteiten foar lêsbefoarding of it netwurkjen mei oare skoallen.

Extra aandacht voor het (vak) Fries vraagt ook extra inzet van medewerkers, leerkrachten en docenten. Daarom geeft de regeling ook ruimte voor het vervangen en/of vrijroosteren van personeel. Er kan subsidie aangevraagd worden voor het vervangen van een leraar die een opleiding volgt, maar ook voor een medewerker (of leerkracht/docent) die werkt aan extra activiteiten voor de Friese taal en cultuur. Bijvoorbeeld voor het maken van een taalbeleidsplan, het bijwonen van congressen, het ontwikkelen van les materiaal, het organiseren van activiteiten voor leesbevordering of het netwerken met andere scholen.

#### FOARBYLD 1

In skoalle foar fuortset ûnderwiis set mei yngong fan it skoaljier 2025-2026 yn op mear romte foar de Fryske taal en kultuer yn it kurrikulum. Dêrom is der in projektmeiwurker beneamd as koördinator foar de Fryske taal en kultuer dy't wurket oan in taalbeliedsplan. It fak Frysk sil net allinne yn klas 1 oanbean wurde, mar ek yn klasse 2, 3 en 4 fan it fmbû. Ek komt der omtinken foar de trochgeande learline. Dêrneist sil de dosint Fryske taal en kultuer ekstra oeren krije foar it sichtber meitsjen fan de Fryske taal yn de skoalle.

Een school voor voortgezet onderwijs zet met ingang van het schooljaar 2025-2026 in op meer ruimte voor de Friese taal en cultuur in het curriculum. Daarom is er een projectmedewerker benoemd als coördinator voor de Friese taal en cultuur die werkt aan het taalbeleidsplan. Het vak Fries zal niet alleen in klas 1 aangeboden worden, maar ook in klas 2, 3 en 4 van het vmbo. Ook komt er aandacht voor de doorgaande leerlijn. Daarnaast zal de docent Friese taal en cultuur extra uren krijgen voor het zichtbaar maken van de Friese taal in de school.

#### FOARBYLD 2

In skoalle foar fuortset ûnderwiis hat subsidzje oanfrege om de Fryske taal op in ludieke wize sichtber te meitsjen yn en om de skoalle. Dêrom is der ekstra ynset nedich fan de dosinten Fryske taal en kultuer op de skoalle. Neist de Fryske lessen sil de Fryske taal en kultuer mei it projekt 'Ferrassend Foarkommend Frysk' alle moannen ekstra omtinken krije.

Een school voor voortgezet onderwijs heeft subsidie aangevraagd om de Friese taal op een ludieke manier zichtbaar te maken in en om de school. Daarom is er extra inzet nodig van de docenten Friese taal en cultuur op de school. Naast de Friese lessen zal de Friese taal en cultuur met het project 'Ferrassend Foarkommend Frysk' elke maand extra aandacht krijgen.

<sup>1</sup> De subsidzje is in bydrage oan it ferfangen en/of frijroasterjen. It giet net om in folslein oerelean.

<sup>2</sup> De subsidie is een bijdrage aan het vervangen en/of vrijroosteren. Het gaat niet om een volledig uurloon.



## Hoe freegje ik subsidye oan?

1. Gean nei de webside:  
[www.fryslan.frl/fy/fryskfoarnoenletter](http://www.fryslan.frl/fy/fryskfoarnoenletter)
2. Lês goed yn de regeling hokker kosten yn 'e beneaming komme foar subsidye.
3. Download it oanfraachformulier en folje it yn. Tink om taheakken by de oanfraach lykas it projektplan, offerte, faktuer en/of oerespesifikaasje. Foar help by it skriuwen fan in projektplan sjoch op de webstek fan [taalplan.frl](http://taalplan.frl) foar it helpmiddel
4. Stjoer it ûndertekene formulier mei alle taheakken nei: provinsje Fryslân, Postbus 20120, 8900 HM LJOUWERT.

## Hoe vraag ik subsidie aan?

1. Ga naar de website:  
[www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter](http://www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter)
2. Lees goed in de regeling welke kosten in aanmerking komen voor subsidie.
3. Download het aanvraagformulier en vul het in. Denk om bijlages bij de aanvraag zoals het projectplan, offerte, factuur en/of urenspecificatie. Voor hulp bij het schrijven van het projectplan zie website [taalplan.frl](http://taalplan.frl) voor het hulpmiddel
4. Stuur het ondertekende formulier met alle bijlages naar: provincie Fryslân, Postbus 20120, 8900 HM LJOUWERT.

## Fragen?

Nim foar fragen, praktyske saken oer bygelyks it ynfoljen fan it formulier en it oanleverjen fan de stikken kontakt op mei de provinsje Fryslân fia telefoannûmer 058 - 292 59 25 of fia de mail: [provincie@fryslan.frl](mailto:provincie@fryslan.frl).

Meer ynformaasje oer de regeling is te finen op: [www.fryslan.frl/fy/fryskfoarnoenletter](http://www.fryslan.frl/fy/fryskfoarnoenletter)

## Vragen?

Neem voor vragen, praktische zaken over bijvoorbeeld het invullen van het formulier en het aanleveren van de stukken contact op met de provincie Fryslân via telefoonnummer 058 - 292 59 25 of via de mail: [provincie@fryslan.frl](mailto:provincie@fryslan.frl).

Meer informatie over de regeling is te vinden op: [www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter](http://www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter)

Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan de ûndersteande partijen:

Opdrachtjouwer:

Partners:

